De A junioren spelen op een dusdanig niveau dat de heraanstellingen moeten plaats vinden via de KNVB. Dat de betreffende scheidsrechter niet is gekomen zal met hem worden besproken. Immers het is vrijwilligerswerk echter er zijn spelers (en verenigingen) die op hem rekenen. Dus kun je niet zomaar wegblijven.

Derhalve werd er een beroep op mij gedaan. Wanneer Robert Hoekstra mij belt rond etenstijd weet ik hoe de vlag erbij hangt. We hebben geen scheids 'kun je ons helpen'. Wetende dat ik er al ongeveer 5 maanden uit lig wegens een hamstring blessure. Ook voor mij een test om te kijken waar sta ik. Dus snel achter de etenspan vandaan, omkleden en naar het veld. Vooraf enkele mededelingen tegen leiders en grensrechters dat mijn voorbereiding slecht is en dat ik liever geen commentaar wil want anders zoeken ze maar een ander die hun probleem oplossen.

Nu was het voor mij wel toevallig dat SDS tegen Frisia moest spelen. De één spelend voor het kampioenschap en de ander voetballend voor lijfsbehoud. Want

de zoon van mijn broer staat bij Frisia op doel. Laat hij nou net het 'slachtoffer' zijn tijdens deze wedstrijd. Na 6 minuten in de 2^e helft raakte hij met een aanvaller van SDS en medespelers van hem betrokken bij een duel waarbij hij groggy ging. Zeer vervelend. Even 'uit de tijd' en met brancaard van het veld, was de stemming onder nul. Emoties, allemaal spelers er om heen en mensen die denken er verstand van te hebben, dokter erbij, etc. Wat dan te doen als scheidsrechter?

Allereerst hoe is het met de speler? Immers dat is het belangrijkste. Ook al omdat we weten hoe het kan aflopen.(Indoor voetbal in het FEC afgelopen winter)!

Staken. En wat zijn dan de regels?

Uiteraard geldt voor mij om een rapport uit te brengen naar de KNVB. Met daarin een omschrijving van hoe het is gegaan en alle verdere details. De regels schrijven voor dat de wedstrijd wordt uitgespeeld indien het van invloed is op de ranglijst. Met andere woorden kan de een nog kampioen worden en kan de andere nog degraderen. Mijn inziens zijn beide actueel. Dus zal deze wedstrijd worden uitgespeeld (2^e paasmaandag?) voor de resterende 39 minuten beginnend met een scheidsrechtersbal op de punt van het strafschoopgebied. En met de stand 2-2.

Rest mij nog te vermelden dat de keeper van Frisia er geen blijvend iets aan over heeft gehouden ondanks dat hij voor foto's in het MCL is geweest.

Een ervaring rijker want dit was mijn eerste keer dat ik een wedstrijd moest staken.

Vervelend maar ook dit hoort erbij. Gelukkig dat er een scheids was!

Uit de Oude doos

Gelukkig heeft Bauke de Boer alle oude Treffers goed bewaard. Dus als wij een leuke foto tegenkomen dan zoeken wij daar een schrijven bij uit die oude Treffers. Hebben jullie nog een leuke foto, geef die dan aan Hinke Kuiper, meldt wel het jaartal wanneer de foto is gemaakt. Deze keer een foto uit 1976, het B1 elftal. Ken je ze nog?

SDS B1

Dit elftal, spelend in de promotieklas, heeft flink van zich afgebeten en wist menige tegenstander te verschalken. De stevige aanpak van beide trainers heeft ook hier gezorgd voor een goede basis, waarop prestaties geleverd kunnen worden. De laatste 5 wedstrijden leverden 9 punten op, voorwaar een goed eindshot.

Nederlagen: Harlingen 0-2 en 1-0; Zwaluwen 2-1; MKV 0-2; GAVC 2-1. **Gelijkspel**

Franecker 0-0. **Winst** GAVC 1-0; MKV 0-3; DTD 2-1 en 0-3; Franecker 3-0;

Oosterlittens 5-1 en 0-1; Dronrijp 0-3 en 7-0; Hallum 1-0. **Eindstand** Vijfde plaats, 16-21, 31 voor en 11 tegen.



Bovenste rij (vlnr): Pieter Veenje, Nico?, Hielke Sjaarda, Wouter Hijlkema, Dick Stegenga, Tjipke Okkema, Jaap Jaarsma.

Onderste rij (vlnr): Freddy Scheltema, Hendrik Okkema, Bauke de Boer, Lolke Hofstra, Harm Jan Klijnstra

Sibe de Seefûgel (53)



Pas

Eartiids wie it sa dat in lieder fan in fuotbalalvetal op reis gyng mei in stel fuotballers en in steapeltsje kaarten. Dy kaarten, ek wol passen neamd, wiene bedoeld om oan te jaan dat je de goeie minsken meinammen. Der stie in foto op, in bertedatum en de namme.

De skiedsrjochter moast dan fan te foaren de klaaikeamer yngean, mei de passen yn de hân de jonges bylâns gean en konstatare dat it wol goed siet.

Sadré hy in wat donkereftich type seach op de foto en der waard in blank figuer oanwêzen, dan wie der in grutte kâns dat hy fêststelde dat it net net goed siet.

In lieder moast him dêr dan wer útlulle en dat slagge meast wol. Lieders binne oer it algemien types dy't goed lulle kinne, mooglik ien fan de kwaliteiten wêr't op selekteard wurdt. It wie dúdlik dat systeem foldie net. No wurde der hiele formulieren ynfuld, mei nammen en spilersnummers (nummers dy't noch minder goed te ûnthâlden binne as sofinummers)

Minsken hawwe dochs wol wat mei passen.

Wintersporters hawwe it oer in "pas foar it hiele gebiet" en benaude kaarters yn de kantine roppe hoates en toates "pas".

En sjoch no ris nei de natoerleafhawwers, sy rinne at it goed is mei 3 passen om.

Nim no de natoerleafhawwers dy't graach oan it wetter sitte. Sy hâlde fan fisk. Se moatte se earst wol fange foardat se opiten wurde kinne en dêrfoar moatte se in pas hawwe.

Nim no de jaaiers. Dy hâlde fan fûgels en hazzen as gjin oar. Se sjogge der in protte nei, se knypeachje efkes nei de fûgels, hazzen en foksen en lûke de wiisfinger dan efkes oan, sadat se jûns wer wat yn de panne hawwe.

Nim no dy aaisikers. Se binne gek op fûgels (hoewol krekt net sa gek as jaaiers) en om dy leafde ta útdrukking te bringen, geane se earst aaisykje, stelle se in moaiste besit wat in fûgel leit út it nêst en rinne wiken letter fergees mei stokken troch it lân omdat er gjin aaien mear te finen binne.

Sa hawwe minsken passen foar de fersekering, foar lidmaatskippen foar winkels en om jild te heljen. En dan is der noch in paspoart fansels.

Yn ús fûgelwrâld kinne wy dat begryp pas net. Gelokkich net. Jim sjogge my al fleanen mei in protte passen ûnder de fearren op wei nei myn neef op Griend. Of dat ik efkes by SDS I sjen wol en by Pier Faber op it lûk sitten gean en myn pas sjen lit.

Wat bin ik bliid dat ik in fûgel bin, dy't sûnder pas oeral sjen kin en oeral hinne gean kin.

Want it libben mei pas liket my in hiele striid.

Ik sil jim dan fuort wol sizze dat de takomstige integraasjeprogramma's om fûgels mear yn it libben fan minsken te integreren foar my seker net weilein binne. Lit ús fûgels bliuwe.

Ik soe sizze. Sibe past foar sokke healwiistinkerij.

SDS 3 Hoera hoera

Winter(op)stop...it duorre mar en it duorre mar. Net te liuwen wat in skoft. Myn fuotbalskuon krigen de triennen yn de noppen doe't se einliks wer ris yn wedstriid ferban de greide yn mochten.

AVC 3 – SDS 3 06 – 03 – 04

Foar de wedstriid waardt bekind dat Peter Kusters de oerstap nei it fiifde makke hat. Peter, hertlik tank foar dyn erfaring, ynset, humor en sa no en dan magnifyke aksjes foar it tredde en in protte wille tawinske!

Fan de oerbleaune en oanweziche spilers kamen de folgjende alve oan de start fan de striid it fjild (moai stikje ljipke-lan!) yn:

	Jappie	
Sjoerd	Wouter/Jentsje	Lieuwe B.
Anco	Jan / Marco	Lieuwe M.
	Arnold / Friso	

Wiksels:

Jeroen, Ronny, Gerard.

Nei it matige gegriem mei de punten foar de winterstop, stiet der foar us eins net safolle mear op it spul. It earste plakje liket te fier fuort en nei underen...is gjin opsje!

We kinne dus frij ut balje en dat is wat we dien hawwe tsjin de jierappelkwekers ut Seisbierrum. Foar dat it de earste wedstriid nei untelberre nachtjes koesen wie, waardt der sa no en dan knap balle.

Foar rest kamen we troch in goal fan Arnold (assist Anco) op foarsprong.

Nei rest (mei Jeroen, Ronny en Gerard foar Lieuwe B, Anco en Arnold) koene we dit fest halde en sels noch utwreidzje. Troch goals fan Jan (nei in knappe aksje yn de '16'), Lieuwe M. (gelok of wiisheid, frije traap fan in meterke as

30!) en Ronny (nei skrimmage mei keeper en ferdiegener) waard it 0 – 4.

SDS 3 – Blau Wyt 5 13 – 03 – 04

' We ha se ommers alle hoeken fan it fjild sjen litten' wie ien fan de kommentaeren oer de wedstriid die't we foar it winterskoft yn ljouwert spilen.

Dat kin dan wol sa weze, (wie der sels net om't ik in 'swart putsje' hie) mar mear as in lykspul is der net wei kaam.

Oan us om yn dizze wedstriid it 'oerwicht' fan ferline kear yn punten om te setten.

Opstelling:

	Jappie	
Lieuwe B	Tsjeard/Jentsje	Jeroen
Arnold	Jan / Ronny	Anco
	Gerard/Hampie	

Wiksels:

Wouter, Marco, Sjoerd.

Nei de Toss tusken beide oanfierders, under lieding fan skiedsrjochter Enne Bruinsma (jr), die blyken dat we de earste helte mei de kop yn de wyn op sjouwe moasten. De striid tsjin de elementen en de tsjinstanner foel yn earsten dan ek net mei. De ljouwerters koene us ferdiegening aardich under druk sette. SDS 3 'stie net goed' sa as dat yn jargon wolris sein wurdt. Dit alles resultearre nei tsien minuten al yn in efterstan. Efen like it der op dat it wolris net san fleurriche middei foar us wurde koe, want ek nei dizze tsjingoal wie noch net eltsenien oertsjuche fan it feit dat it oars moast en untstiene der noch inkele gefaarlike situaasjes foar us goal. It wie bynammen Ronny die't mei inkele 'op it

rantsje' aksjes oantoande dat it oars moast. En dat barde dan ek.

Dit resultearre nei likernoch 25 minuten op in terjochte strafskop nei't Hampie underut helle waard. De hierling fan SDS 2 gie sels efter de bal stien en skeat unberispelik binnen. 1 – 1. Rest.

Wouter, Marco en undergetekene wiene de fersingers fan Jentsje, Anco en Lieuwe B. En mei de wyn yn'e rech giene we op syk nei de 'volle buit'.

We koene de Ljouwerters no aardich under druk sette en nei inkele kankses kamen we op in terjochte foarsprong.

It wie Marco die't nei in skrimmage yn de 16, it baltsje efen lafjes breed lei, sadat undergetekene it net trilje litte koe.

2 – 1. Dit soene we net mear ut hannen jaan. Blau – Wyt wie net by machte om it us noch dreech te meitsjen en it wie Jan die't mei in machtige frije traap fan likernoch 20 meter de 3 – 1 oantekene.

SDS 3 – Mulier 2 20 – 03 – 04

Mulier 2, de koprinner, mei 0, 0 ferliespartijen op besite by SDS 3, dat nei it winterskoft it maksimale oantal punten behelle hat en op wei is nei de boppenste plakken. In derby der't it nediche op it spul stie dus.

De opstelling:

	Jappie	
Sjoerd	Wouter/Jentsje	Lieuwe M
Lieuwe B	Jan / Marco	Jeroen
	Anco/Arnold	

Wiksels: Ronny, Gerlof, Hampie

Krektlyk as foarriche wike stie der in straffe wyn op sportpark de Skoalleseize. Nei it muntsje smyten die blyken dat wy rjochting Itens – city en dus foar de wyn

begjinne moasten. We hiene it der mar dreech mei. It spul wie fierstene unrestich en sawol de bal as de spilers fleachen alle kanten ut. Lokkich genoch wie der wol de 'alles overtuigende wil om te winnen' en dat hat fertuten dien, want hoewol Mulier inkele grutte mooglikheden krige, bleaun de 0 – 0 foar earsten op it boerd stean. Al moat sein wurde dat harren spitsen ek net echt op skerp stiene. Rest.

Mei Ronny, Gerlof en Hampie foar Jeroen, Anco en noch immen, giene we de twadde helte yn. It soe wol dreech wurde mei die hurde wyn tsjin....Mar wer't wy yn de earste helte muoite hiene om te gean mei de wynpusten, sa hie Mulier dat yn de twadde. Krekt nei it skoft binne se eins ien kear ticht by in Treffer west, mar belanne de pal op'e peal. Oan de oare kant koene wy de bal better yn de ploeg halde en nei foaren fuotbalje. Sa kamen der stadig oan mear en mear mooglikheden en moast de ferdieging fan Mulier alles op alles sette om in tsjin goal te foarkommen. Op in stuit wie dit tefolle, want Arnold waardt suver 'torpedeerd' troch in oerdwylske Wytmarsumer, dit barde ek noch ris yn it strafskop gebiet en sa krigen wy terjocht in strafskop fan skiedsrjochter Enne Bruisma.

Hampie skeat em hearlik yn!

1 – 0.

Letter waard it ek noch 2 – 0 nei't Jan mei in moaie pass Gerlof de djipte yn stjoerde en hy mei de nediche fysyke kracht in tsjinstanner ofskodde en behearst yn skeat.

SDS 3 – Mulier 2 2 – 0

In utslach die stiet as in hus!

As we sa troch geane kin it noch wolris in hiel swiet ein fan it seizoen wurde!

Ald5praat

Men moat it seil nei de wyn hingje litte Seefûgels op it grien, makket it waar gemien. Ek dizze kear kaam dat wer út. De terreinfeinten hiene freeds foar de wedstriid muoite om al dy ferfelende seefûgels fan it reedlik griene fjild te krijen. En at soks bart dat wit je it wol. Sneon min waar. Reinwetter mar slimmer noch in ferskuorrend hurde wyn. Pyt soe wol sizze: mei wynflagen tusken de 9 en de 11, sis mar 10.

It foel net ta om der in goeie pot fan te meitsjen tsjin BCV 6. Yn de earste helte, dy't wat let begong trochdat de Burgumers wierskynlik net folle nocht hiene dizze waarsomstannichheden te trotsearen, hie SDS it bettere fan it spul. Tsjin de wyn yn waard er noch wol reedlik fuotballe, mar BCV hold it protte minsken efter de bal. Dochs krige BCV de beste kansen. Twa kear frij foar de 15 jierrige doelman Korné Boekholt. In prima redding en in skot krekt neist wie foldwaande om de 0 te hâlden. Yn de twadde helte wie de wyn tusken de 10 en de 12, sis mar 11, en mei dy wyn yn de rêch wie it dreech fuotbaljen. It gefaar kaam fan de korners. Peal en latte stiene in doelpunt earst yn de wei. Dochs wie it Roel dy't mei in foarset fan ôf de sydline de bal efter de doelman wist te krijen. De 1-0 oerwinning wie net oertsjûgjend, mar wol fertsjinne.

SDS5 – Veenwouden ?

SDS sit yn de gelokkige omstan-nichheid dat er in protte spilers binne op dit stuit. By Veenwouden wie dat oars. Temin spilers en dêrom wie it twadde dêr ôflast om genôch minsken yn Easterein te krijen. It is dan fansels altyd ôfwachtsjen hoe it komt. Lokkich hie lieder Ids in tige

brede seleksje en hy kontakt hân mei spion Sjouke Sjoukema. Dy hie de lêste rapporten oer Veenwouden noch efkes tastjoerd sadat Ids goed neitinke koe hoe it moast. Ids hie syn opstelling mei 4 wiksels al foar de hiele wedstriid klear en makke dy fan te foaren ek bekind.

It moat de goeie hannelswize west hawwe, want SDS 5 wûn mei 4-0 ûndanks it feit dat it nivo net goed wie.

Mei in eigen doelpunt fan Veenwouden waard de skore iepenbrutsen en it wie Knabbel de Boer dy't foar de thee noch 2-0 oantekenje koe.

Efteryn wist Sipke de efterhoede goed te organisearen hoewol it brûken fan de bûtenspul fal, net in favoryt tak tysk spul is foar elkenien.

Nei de thee bleau it peil frijwat gelyk (min dus) mar waard de skore wol ferdûbele. Willem Tjalsma en Bertus Bootsma skoorden yn in fase dat it allegear efkes better like.

Mei noch 10 wedstriden te gean binne der foar SDS 5 noch genôch kansen om it kampioenskip binne te heljen.

Lit ús net hope dat nei sa'n hichtepunt der spilers it wol leauwe en der mei stoppe wolle.

Senior of junior

Ids Boersma besiket foar de wedstriid altyd lûd en dúdlik oan te jaan hoe de opstelling der útsjocht.

Omdat Jaap Boekholt altyd wis is fan syn plak, wurdt syn namme wolris fergetten. Tsjin Veenwouden wie Ids wol hiel dúdlik. "Yn it doel, Boekholt senior".

It is dúdlik, Jaap fielt no de konkurrinsje fansyn eigen soan.

(AH)

Doelpunten makkers senioren SDS 2003/2004

Eddy de Boer bliuwt, ûndanks it feit dat SDS 5 noch net folle fuotballet hat, oan de top. Meast opfallende stiger yn dizze list is Bas de Haan fan SDS 4. Noch mar krekt wer aktyf en mei 5 doelpunten al by de earste 20. It oantal ferskillende doelpuntenmakers bliuwt noch altyd omheechgean.

	namme	SDS	oantal
1	Eddy de Boer	IV	13
2	Marco Ottens	I	9
3	Ype Tiemersma	V	9
4	Robert Sijbesma	I en II	8
5	Hendrik de Jong	I	7
6	Harm A.Dijkstra	II en III	7
7	Pieter Kamstra	II en IV	7
8	Frans P. Terpstra	IV	7
9	Henk Postma	II	6
10	Roel Sybesma	III en V	6
11	Gerard Posthumus	III en V	6
12	Durk Yde Sjaarda	I	5
13	Floris Hiemstra	I	5
14	Harm Stremmer	I	5
15	Gerlof Veldstra	III, IV, V	5
16	Bas de Haan	IV	5
17	Jeroen Hoek	IV	5
18	Klaas Okkema	V	5
19	Willem Wijnia	II	4
20	Peter Kusters	III	4
21	Willem Tjalsma	V	4
22	Anne Stenekes	I	3
23	Tsjipke K Okkema	I	3
24	Donny Okkema	II	3
25	Stefan van Krimpen	II	3
26	Jan Stenekes	III	3
27	Rinse Joustra	IV	3
28	Bertus Bootsma	IV en V	3
29	Ids Boersma	V	3
30	Jacob Plantinga	V	3

	namme	SDS	oantal
31	Gert Jan Hiemstra	I	2
32	Skelte Anema	I en II	2
33	Lieuwe Meyer	III	2
34	Sjoerd van Beem	III	2
35	Rene Velzen	IV	2
36	Wilco Overal	IV	2
37	Aant Hofstra	V	2
38	Feite de Haan	I	1
39	Dennis Dijkstra	II	1
40	Frank Rijpma	II	1
41	Gerrit Hingst	II	1
42	Jos Zonderland	II	1
43	Anco Elgersma	III	1
44	Arjan Posthumus	III	1
45	Arnold Hoekstra	III	1
46	Friso Albada	III	1
47	Jentsje Jorritsma	III	1
48	Jeroen Brouwer	III	1
49	Marco Hoekstra	III	1
50	Ronny Wagenaar	III	1
51	Ivo Donath	IV	1
52	Jan Keuning	IV	1
53	Klaas Malda	IV	1
54	Pieter Groenveld	IV	1
55	Pieter L. vd Valk	IV	1
56	Rudy Dijkstra	IV	1
57	Tsjalling Hoekstra	IV	1
58	Wouter Hylkema	IV	1
59	Folkert R. Vellinga	V	1
58	Sipke Hiemstra	V	1

The road to the finals...(1)

Dit is de eerste column die ik schrijf voor dit onderdeel van de site www.sabetocht.nl en de Treffer. Verderop in de Treffer kunnen jullie ook deel 2 lezen. Ik zal jullie iets vertellen over de wijze waarop onze 'helden' zich hebben geplaatst voor het EK 2004.

Dublin September 2001, Louis aan het roer en Kluivert in de spits, Frank de Boer aanvoerder en ik zat in de kantine van 'De Skoallegeize'. Kluivert krijgt na tien minuten een dot van een kans maar schiet onovertuigend naast. Schade Holland, alles is vorbei! Jason McAteer, destijds speler van het op dit moment in de Engelse First Division uitkomende Sunderland zorgt voor deze nummer één-hit in de Duitse hitlijsten.

Glasgow November 2003, Dick aan het roer, Kluivert in de spits, Frank de Boer aanvoerder en James Mc Fadden aan de overzijde als groot talent. 1-0! 'James McFadden is making history!', schreeuwde de Schotse commentator zoals alleen Jack van Gelder dat hier in Nederland misschien zou doen.

Amsterdam November 2003, Dick aan het roer en Van Nistelrooy in de spits, Cocu aanvoerder en de talenten Wesley Sneijder en Rafael van der Vaart op het middenveld. Na ongeveer tien minuten spelen creëert eerstgenoemde


middenvelder ruimte voor zichzelf na een sublieme, geniale voetbeweging en schiet overtuigend vanaf 25 meter raak. Ook het moyenne van v. Nistelrooy werd in deze wedstrijd danig omhoog geschroefd. Na afloop kwam het onoverwinnelijke gevoel terug en was de Nederlandse arrogantie na anderhalf uur voetbal weer terug. Mediastilte, tegen de wil in van Wesley en de anderen die WK '98 en EK 2000 niet mee hebben gemaakt.

Deze hadden ze beter kunnen bewaren voor de eerstvolgende oefenwedstrijd, tegen het Verenigde Staten van onder meer, Clint Mathis, Landon Donovan, Greg Berhalter en Guiseppe Reina, werd een dramatische pot op de mat gelegd en

verdiende weinig tegenspraak. Enig lichtpuntje was opnieuw een talent, genaamd Arjen Robben. Meteen in de basis tegen Duitsland op het EK zou ik zeggen. Hij scoort meteen is uit bovenstaande wel gebleken en zal voor een top-40 hit in het thuisland zorgen. De oude garde wordt verdrongen door de jeugd, nu maar hopen

dat Dick dit op het EK ook aandurft en niet terugvalt op oude mislukte systemen waarin plaats is voor zoveel mogelijk WK '98 en EK 2000 gangers.

Mark



The road to the finals...(2)



Er stond weer een Europacupweek op het programma in de week dat ik met deze column aan de slag ging. In de Champions League was Real Madrid – Bayern Munchen niet een onaardig affiche. Zeker niet als je bedenkt dat dit de ‘Koninklijke’ tegen ‘FC Hollywood’ is. Van de Koninklijke kan ik de bijnaam nog wel begrijpen, maar FC Hollywood klinkt mij als stront in de oren als ik Bayern Munchen daar aan moet koppelen. Met namen als Jeremies, Schweinsteiger, Linke, Scholl, Zickler en Kahn in je selectie kom je misschien in aanmerking voor de hoofdrol in het nieuwste deel van Scream.

Deze film laat mijn hart harder kloppen, dit in tegenstelling tot het formulier waarop de selectiespelers van Duitsland voor het EK 2004 op genoteerd zijn. Met Bobic, Bierhoff, Ramelow, Neuville, Lehmann, Worns, Sneider en Nowotny in de gelederen misstaat een plek in de regional-liga ook niet. Des al niet te min zal menig Hollander op dinsdag 15 juni aanstaande om één minuut voor half elf een toiletbezoek overwegen. De Duitsers zijn een verhaal apart en dat maakt deze eerste wedstrijd op het EK voor ‘ons’ zo speciaal. Aangezien het aantal behaalde punten in Oranjes openingsduels van eindtoernooien zijn te vullen in een doos

eieren hebben we dan ook alle redenen om de Duitsers te vrezen.

Sinds de WK-finale van '74 hebben we een hekel aan de Duitsers op voetbalgebied gekregen, op andere gebieden was deze misgunst al eerder ontstaan, dit leverde in het verleden dan ook schitterende wedstrijden op waarin de haat en nijd duidelijk naar voren is gekomen. Dit zal in deze wedstrijd niet anders zijn, met een Ballack tegenover van Bommel in het veld zal de arbiter op de proef worden gesteld. De twee meest irritante voetballers, naast Luis Figo, op de Europese voetbalvelden. Gooien we Pi-air der voor de teambuilding bij en dan kan het klaverjassen beginnen. Als Nederland maar niet op deze ‘speelse’ manier aan deze wedstrijd begint, vol op de aanval zou ik zeggen. Met Makaay en v. Nistelrooy in het centrum van de voorhoede en Robben en v/d Meyde op de flanken kunnen onze burens in plaats van hun 35+ defensie beter een stel honderd meter-lopers in hun laatste linie zetten. Makaay als snelle man en van Nistelrooy als balvaste spits zorgt voor de variatie naar voren en de optie om het middenveld bij te laten sluiten. Daarnaast zorgt deze aanvalslinie voor duidelijkheid, voor de goal zijn eerste en tweede paal bezet en op de zijkanten is de ruimte om de één-tegen-één-actie aan te gaan.

Op het middenveld zou ik kiezen voor v/d Vaart als vrije man en Davids en van Bommel als defensieve krachten om het ‘creatieve’ middenveldspel van Schweinsteiger en Ballack te dwarsbomen. Indien een van deze mannen tegen een gele prent aanloopt is good-oldie Philip

Cocu een goed alternatief voor de tweede helft. Ten slotte heb ik nog drie plaatsen over die mijn tien veldspelers completeren, Heitinga zou ik als vrije man achter de twee stoppers Stam en Bouma neerzetten. Bouma lijkt me ideaal om de a-technisch counterende Ollie Neville uit de wedstrijd te spelen zodat Jaap de beter koppelende Bobic lastig kan vallen. Omdat ik er van uitga dat Duitsland met de billen tegen eigen zestien aan gaat hangen, dit veronderstel ik omdat Makaay in het veld staat, lijkt het mij vrij duidelijk dat je meteen druk moet zetten op de Duitse opbouw, de Duitse lange bal is het gevolg die Stam en Bouma, uitstekende koppers, en ter ondersteuning Heitinga, aan kunnen gaan. Bij balbezit tempo hoog en veld zo groot mogelijk houden, geen gepiel maar 'ons' positiespel de vrije loop laten gaan. Kans komt vanzelf en deze moet dan ook raak zijn, hier twijfel ik echter niet aan

als ik de scoringsdrift van de twee spitsen er op nakijk.

Kortom, aanvallen is mijn devies, zolang je zelf de bal in de ploeg hebt kan hij ook niet in je eigen doel belanden, al weet je het maar nooit met de Duitsers!

Mark



www.schade-deutschland-alles-ist-voorbei.tk

Futsal: SDS 1 Kampioen!



It seizoen kin foar de sealfuotballers fan SDS 1 net stikken. Yn jannewaris hawwe sy de Midwintercup wûn yn it FEC en twa wiken lyn waarden sy ek noch kampioen yn de 2e klasse.



Foarich jier die SDS 1 lang mei om 'e prizen, mar greep úteinlik oeral nêst. Dit jier moast dat oars. De earste wedstriden wie Robert Sybesma blesseare en it wie noch net wis at hy dit seizoen wol wer sealfuotbalje koe. De earste wedstriden wienen dreech en nei eltse wedstriid lei eltsenien úttelt yn 'e boks. Faak hearden wy itselde; "at sy mar net dreger wurde". Dochs wûn SDS de earste 10 wedstriden o p r i g e .

Foar SDS liken Urk en RES de grutste konkurrinten te wêzen. Dat de 3e wedstriid by WZS mei wat gelok wûn waard, waard net belangryk fûn. Letter die bliken dat dit ien fan de wichtichste oerwinningen west hat yn 'e kompetysje. Ek fan Urk en RES waard thús wûn. De 1e perioade moast dan ek pakt wurde. De wedstriid tsjin Renado gie allinne net troch. Dit betekent dat SDS noch altiten de 1e perioade net wûn hat. Woansdei (31/3) kinne sy yn de lêste wedstriid fan it seizoen de 1e(?) perioade noch pakke.

Oars is 'ie foar WZS dy 't yn 'e 1e perioade allinne fan SDS ferlear. De 1e wedstriid fan 'e 2e perioade gie jammer genôch ferlern. Út tsjin Flevo Boys koe SDS net ymponearje. Pechfûgel wie Robert Sybesma dy krekt wer meidie dy wedstriid en ek noch b l e s s e a r d ú t f o e l .

Foar de winterstop krige SDS noch de toppeur thús tsjin WZS. Yn in spannende wedstriid waard mei 7-5 wûn. SDS liet dizze wedstriid sjen dochs wol wat leard te hawwen. Yn belangrike wedstriden liet SDS 1 it foarhinne noch wolris ôfwitte. No lieten sy sjen dat sy geduld opbringe koenen en net yn panyk rekken. Inkelde wiken letter koe eltsenien dit wer sjen doe 't SDS 1 sear ferrassend de Midwintercup wûn yn it FEC.

Nei it FEC moast SDS tsjin Workum. In tsjinstanner dy 't fansels alles op alles sette soe om net te ferliezen. Workum woe de lêste perioade pakke en wie sels

yn training. Workum fuotballe knap en wûn yn Easterein mei 4-2. Dizze wedstriid hie gjin konsekwinsjes foar de stân oansjoen WZS de wyks derop ferlear fan Espel en ek noch fan Workum.

SDS bleaun syn wedstriden winnen en koe it kampioenskip hast net mear ûntrinne. RES waard yn Boalsert noch knap mei 4-3 ferslein nei de hiele wedstriid efter stien te hawwen. At je sokke wedstriden al winne dan kin der eins neat mear mis gean.

Op Urk koe SDS kampioen wurde at sy fan Urk wûnen. Urk wie thús al dreech en út soe it fansels noch dreger wurde. Dochs mei in buske der hinne en wie ek best gesellich. Urk woe allinne net meiwurkje oan in feestje en wûn fan SDS mei 7-3. Urk soe in wike letter wol meiwurkje wolle at sy tsjin WZS moasten.

Foar de kampioenswedstriid tsjin ZVVS wie de spanning der eins al wat ôf. SDS koe it net litte om kontakt op te nimmen

mei de WZS-hal. Hjir die bliken dat konkurrint WZS mei 5-1 ferlern hie fan Urk en dat SDS sûnder te spyljen al kampioen wie. Alle spilers fan SDS 1 wienen hjir dus foar de wedstriid al fan op 'e hichte behalve Harm Stremler. De wedstriid die der net folle ta, mar foar it publyk en Harm woe SDS fansels al winne. De bal gie maklik rûn mar woe der net yn. ZVVS kaam sels foar mei 1-0 en Harm begie him te knipen. It publyk wie rêstich oanwêzich en it like dat sy ek de útslach fan WZS-Urk al wisten. SDS wie better as ZVVS allinne kaam muoisum tot skoren. By rêst wie it 2-1 foar SDS en úteinlik waard it noch 5-2. Harm(2x) en Feite(3x) skoorden foar SDS. Harm bleaun de hiele wedstriid fel en krige sels oan it ein fan 'e wedstriid noch in giele kaart. Yn 'e kantine bleaun it noch lang ûnrêstich. Harm koe fansels de rest fan 'e ploech wol sjitte doe 't der hearde dat sy al wisten dat WZS ferlern hie.

Supporters tige by tige! Wy hoopje jimme folgend seizoen allegear wer te sjen yn de 1e Klasse!!! (WW)

Oan it wurd

Stefan van Krimpen, SDS 2

Oan it begjin fan dit jier krige SDS 2 samar in nije spiler yn harren ploeg. It wie in Rotterdammer die't mei syn freondinne yn Easterein kommen wie te wenjen. No is er oan it wurd, sadat alle SDS – minsken him in bytsje better kinnen leare kinne.

It begjin

Stefan wie al 18 foar't er ea yn klubferban tsjin in bal oantrape hie. Dit hie te meitsjen mei syn thus sitewaasje, die it net taliet om earder lid te wurden

fan in klub. Foar de tiid wie er eins dei en nacht mei ien fan syn 13 broers of suskes oan it baljen op strjitte en fjildsjes yn Vlaardingen (der't er berne is), Capelle en letter Rotterdam sels. It tafal wol dat dizze klub ek SDS hiet, it wie mear in freoneploeg dan dat er prestearre wurde moast, mar hy hie it tige nei it sin. It wie ek yn dizze tiid dat er 4 jier marinier west hat. Hy hat in protte fan de wrald sjoen en derneist ek de nediche libbenserfaring opdien.

It fuotbaljen op niveau hat er opdien by Schiebroek, der't er in skoftke yn it earste balle hat. Dit wie yn de twadde klasse.

Fryslan boppe

As we de ferhalen liuwe meie, dan binne de measte mariniers net smoarch fan wat froulike oandacht, sa ek Stefan net.

Op in stuit krige er in relaasje mei in fanke út Fryslan, Wommels om krekt te wezen. Hannah de Boer is fan oarsprong Wommelser en wurke(t) ek by de marine. Nei in skoftke wat omskarrele te hawwen, ha se besletten om it serieu oan te pakken en ha se in hus kocht op de Ljits yn Easterein.

Fryslan hat altiid al de oandacht hant fan Stefan. It grutsk weazen op eigen taal en alles wat der by komt, luts him wol oan.

Friezen binne neffens him hielendal net sa stug en sletten as se yn Hollan wolris

sizze. 'Juist niet, ze tonen veel interesse, staan open voor anderen!'

SDS

Stefan hat it tige nei it sin by SDS.

'it is een gezellige club, een stuk persoonlijker dan waar ik vandaan kom. Het omgaan met elkaar, ook buiten het voetbal, vind ik prettig'.

Ek de grutte ynset fan de frijwilligers falt him op en kin er wurdearje.

Wat ambysje betreft wol Stefan foar himsels it heechst helberre der ut helje en as dat hjir by SDS it twadde bliuwt, dan is dat prima. ' We hebben een harstikke leuk team, ik heb het erg naar mijn zin'.

Oant safier Stefan van Krimpen oan it wurd. As je mear fan him witte wolle, dan kinne je him wol efen freechje. Stefan is in flotte prater. Der is ien lyts puntsje dat ik fan te foaren al efen melde moat; hy is Feyenoord – supporter.

(svb)

Trefferkes



Doelpuntenmakers

Sneon 21 febrewaris hie SDS 1 mei 1-5 wûn yn it fiere Anjum. Dat berjocht wie al tillefoanysk trochkommen yn de kantine. Om de list mei doelpuntenmakers by wurkje te kinnen yn in nije list, wachtsje wy meast efkes op lju dy't dêr west ha.

Dat duorre wat lang en om goed kertier foar seizen setten Willem en Aant ôf om as foarbyldige húsmannen 6 oere thús te wêzen. Gelokkich kamen se krekt bûten de kantine Harm Bergsma tsjin. "Harm, jonge, do kinst ús fêst wol sizze wa't skoord hawwe yn Anjum". In djippe sucht folge troch: " Floris, Marco (2) en Durk Yde en..... Ja wa hat dy oare ek al wer makke. Ik wit it net."seit Harm."Oh ja, en Harm miste in strafskop."

Net alhiel tefreden rûnen wy fierder. Krekt by de útgong siet it ús tige mei. Bruinsma kaam ek noch efkes lâns om te sjen at er noch wat ûnder de kurk siet.

"Bruinsma, jo kinne ús fêst wol sizze wa't skoord hat". Bruinsma begjint "Marco, Hendrik de Jong.."

"Ho mar,"roppe sy yn koar, "Hindrik dy misten sy noch." Dochs noch tige tefreden mei dizze ynformaasje setten se ôf nei Wommels en wiene wer krekt op tiid thús. Fansels koe krekt foar iten it nijs noch krekt efkes op de side set wurde en boppedat koe de Treffer dy klear lei foar de printer noch efkes by wurke wurde.

Moandei lêze sy dat it lykwols oars wie. Net Hendrik skoorde mar Durk Yde makke dat lêste doelpunt. Sa kin it dus barre dat er soms wat ferkeard op de side stiet en dat de Treffer net hielendal folledich is.

Technyk

Wa kin Gelf Eringa net: De man dy't mei syn prachtige technyk en ynsjoch in foarbyld wie foar tal fan SDS-spilers.

Dizze Gelf, dy't sûnt oktober Age 65 hjit, is op dit momint dwaande te revalidearen. In beroerte yn jannewaris hat er foar soarge dat syn gefoel út de rjochterfoet wat fuort is.

It giet gelokkich wer wat better mei Gelf. Trije kear yn de wike revalideare yn Snits en dat befalt him ek prima. Roeie, fytse, tennisballen fange en fuotbalje.

At de terapeute him de bal ta rollet, moat hy him stopje en werom skoppe. Op de fraach at hy no noch wat oan syn technyk hie, wist Age 65 te melden: "Ja fansels, ik sis dan ek tsjin dy juffer, at ik de wol wat swiere bal weromskop: "ik kin se net moaier jaan". En dat wie ien fan de twa útspraken dy't Gelf altiten die. De oare wie: "ik hoech net te roppen om de bal want wy hawwe de selde sjurtsjes oan."

Nooitgrappig

Prachtige humor stiet er op de side www.nooitgrappig.com. Seker de muoite wurdich om dêr sa no en dan ris op te sjen. Soms giet it oer fuotbal of oer de winter. Sa as de ûndersteande útspraken:

- Een voetballer zonder doel in zijn leven is nooit grappig

- De uitslag vragen van de wedstrijd Chili - Concarne, is nooit grappig

- Een bobslee aanhouden en vragen wie de Bob is, is nooit grappig

In soad besikers

Dat de SDS side in soad bezocht wurdt dat wie wol bekend. Fanmoarn dochs mar wer efkes sjoen hoefolle at dat dan eins binne. It docht bliken dat wy yn febrewaris 4700 besikers hân hawwe. Safolle besikers hienen wy noch net earder yn ien moanne hân wylst febrewairs ek noch in koarte moane wie. Juster en hjoed binne der op beide dagen 250 besikers west

Betterskip!

SDS F1 hat hjoed ek oefene tsjin RES F1 (út). By in stân fan 2-2 is 8 minuten foar tiid de wedstriid staakt neidat Frans Dooper en in spiler fan RES ûngelokkich tsjin elkoar opknalden. Frans is mei de ambulance nei it sikehûs (Snits) brocht. Der die bliken dat 'er de skine trochmidden hie. It is in moaie breuk, mar Frans sil wol foar de rest fan it seizoen útskeakele wêze.

Clarence Stremler

Sneontemoarn mienden wy hiel leuk te wêzen troch Harm Stremler mei in spotprintsje op ús side te setten. Hiel grappich kin soks wêze. Doe't wy sneontemiddei de doelpuntenmakers opfregen, waarden wy bliid ferrast mei de 1-3 oerwinning fan SDS 1 en waarden wy ek bliid ferrast mei it feit dat Harm twa doelpunten makke hie.

Minder bliid ferrast wiene wy mei it feit dat ien fan dy doelpunten út in strafskop makke wie. Dêr giet je stelling dat Harm en Clarence in protte fan elkoar hawwe. Tige tank trainer Kees. No mar hoopje dat Advocaat Clarence net wer in nije kans jout, want dan wurdt it wer in koart toernooi yn Portugal.

Fytsen

Ôfrûne sneon binne der tusken 7 en 8 jûns in stik of wat bannen lek stutsen fan fytsen fan minsken dy 't hun noch yn de kantine befûnen. Allegear hiel ferfelend fansels oansjoen de bannen sa lek stutsen wiene dat der sels nije binnen- en bûtenbannen om de tsjillen moatte. Hat ien sjoen wa at dit dien hawwe of hat ien spyt dat hy it dien hat, mail dan efkes nei info@vv-sds.nl of skilje efkes mei ien fan it SDS bestjoer.

Lekke bannen

It bestjoer fan SDS wol freed oanjefte dwaan fan de lekstekkerij fan fytsbannen ôfrûne sneon. Sy hawwe hjirby de nammen noadich fan degenen dy 't sneon in lekke bân hiene. Dizze minsken moatte efkes kontakt opnimme mei Dukke van der Weij (tel: 0515-332340).

Knibbel

Christian Hoekstra hat al skoften lêst fan de knibbel en de dokter kin mar net goed fine wat der oan 'e hân is. Dizze moanne sil de dokter Christian syn knibbel fan binnen besjen. Hy docht dit op 'e operaasjekeamer. Wy hoopje dat der Christian syn knibbel meitsje kin en dat hy mar wer gau fuotbalje mei.

Pechfûgel fan de wike

Ype Tiemersma (syn freonen fan SDS 5 meie Babbel sizze) hat in drokke baan. Foaral op tongersdeitejûn en sneon. Hy wurket nammentlik by Welkoop yn Snits en op dy tongersdeitejûn en dy sneon is it faak drok omdat er ek minsken binne dy't net hoege te trainen op tongersdeitejûn of te fuotbaljen op sneon. Ype kin net faak traine en foar it fuotbaljen moat er ek fan alles útfine. Hy hie it dit seizoen goed yn de kop. Yn de winter tongersdeis en sneons mar wat faker wurkje sadat hy yn febrewaris en maart de start fan de twadde helte fan de kompetysje folslein meimeitsje koe. 5 sneonen hie hy sparre.

Sneon 13 maart wie de lêste fan de 5 sneonen, dy't foar Ype sa suksesfol wêze moasten. Helaas 1 sneon gjin wedstriid en 4 kear ôflast. Foar Ype wol hiel hiel ferfelend.

Brûze

Ofrûne tongersdeitejûn wie de straal fan de brûs net al te sterk. Neffens in insider wie dit in prostaatstraal.

Ofkuolje

It wie sneon net echt waarm. It wie wol tasein troch immen út Hjelbeam, mar dan wit je it wol. Jan Stenekes (SDS 3) hie syn each fallen litten op in spiler fan Blauw Wit. Hy krige it der hyt fan. Hy socht efkes lichaamlik kontakt en dat mocht net fan skiedsrjochter Bruinsma. Beide spilers moasten bûten de linen efkes (5 minuten) ôfkuolje. Wylst Jan stie te sjen oan de sydline wie der mear romte en Sjoerd van Beem hat in protte romte nedich en hy skoorde dan ek gelyk. Letter helle ek Jan syn gelyk: ek hy skoorde. SDS 3 wûn mei 3-1.



Kratsje kwyt

Harm Auke Dykstra wist op tiisdeitejûn wol hiel wis te melden dat SC Genemuiden 4 yn 'e Reserve 1e klasse spilet en SC Genemuiden 3 net. Hy wie der sa wis fan dat dit him fansels in kratsje bier kostje moast. Jo moatte foarsichtich wêze mei sokke kennis en gjin ûnwierheden ferkundigje.

Hampie mei tiisdeitejûn in kratsje bier meinimme. Sawol SC Genemuiden 3 as 4 spylje yn 'e Reserve 1e klasse. Sy sitte net byinoar yn 'e kompetysje

Sneon as snein?

Stefan van Krimpen kaam ferliene simmer hielendal fan út Rotterdam by SDS fuotbaljen. It fuotbaljen yn SDS 2 wie gjin probleem, mar dat Frysk protteljen fan inkelde persoanen snapte hy hielendal neat fan. "Asto der sneon mar stiest", "sneon moat it gebeure", "wy winne sneon wol efkes". Alles wat Stefan begreep, mar wat wie no "sneon". "Is Sneon geblesseerd of zo", tocht Stefan, "spelen we zaterdag misschien tegen Sneon". Hy hat it syn skoanheit nei twa wiken dochs mar ris frege. Doe 't skoanheit sei dat sneon foar snein komt wie it Stefan eindliks dúdlik.

Filippus syn soan sit fol humor

Ôfrûne sneon foel der by SDS 2 genôch te gnizen. SDS 2 wûn fan Makkum mei 4-0 en konkurrint d' Olde Veste ferlear fan CVVO. Under de wedstriid foel der ek al genôch te laitsjen. Gerrit Hingst kaam nei de rêst it fjild yn nei de earste helte op de bank sitten te hawwen. Gerrit spile wol knap oan 't sa 'n 10 minuten foar tiid. Gerrit krige in foarset die 't eksakt op maat wie. De bal foel sa 'n 20 centimeter foar de doelline en Gerrit koe him der sa yn pisje. Gerrit rekke de bal tige noflik mar de bal gie rjochting Itens en hat it net net rakke. Sels de spilers fan Makkum koenen der wol om gnize. De measte wille hie heit Filippus Hingst oan 'e kant fan it fjild; "ha, ha, ha, dy soan fan my sit fol humor".

Apenúten?

By SDS 2 moatte je der wolris om tinke wat je sizze. Der is altiten wol ien dy 't der in geintsje fan makket. Doe 't Henk foar de wedstriid rêstich in banaan siet op te peuzeljen kaam fansels lyk de opmerking dat hy dy fêst moarns sa

meinommen hie by de Jumbo. Henk ferblikte net en sei; "ús mem hellet ien kear yn 'e wike bananen en ik moat se wol ite want de rest fan 'e famylje lest se net". Dochs krige Henk it lyk om 'e earen; "wat yt de rest fan jim famylje dan? Apenúten?".

A G I N D A

<u>Wat</u>	<u>Wêr</u>	<u>Wannear</u>
SDS –Ouwesyl	Sportpark Skoalleseize	17 april 14.30 oere
SDS- BeQuick Dokkum	Sportpark Skoalleseize	14 april 14.30 oere
Bolswardia – SDS	Boalsert	1 maaie 14.30 oere
Gearkomste Treffer-Redaksje	Kantine Skoalleseize	29 april 21.00 oere
Greidhoeke Kuiertocht	start en finish Wommels	9 maaie
Bekerfinale SDS 2	????????????????	himelfeartsdei